

De sûnde fan Haitze Holwerda



*Ulbe van Houten*

De sûnde fan  
Haitze Holwerda

*ROMAN*



NIJE BIBLIOTEEK

© 2010 Erven Ulbe van Houten

Alfte printing

Ferskynd yn de rige ‘Nije biblioteek’, in mienskiplik projekt fan TDE:  
Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum,  
Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren,  
Utjouwerij Elikser

Dizze útjefte is in yntegrale werútjefte fan de njoggende printing,  
ferskynd yn 1983 as nûmer v III yn de rige De Titelroas by Utjouwerij  
De Tille te Ljouwert.

Omslachûntwerp: Hannie Pijnappels

Utjefte is mei mooglik makke troch subysydzje fan de Provinsje  
Fryslân en it JMFonds.

ISBN 978 90 8954 165 9

NUR 301

*De sûnde fan Haizze Holwerda* is opnommen yn de digitale biblioteek  
fan Tresoar en DBNL, sjoch [www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl) en [www.dbnl.org](http://www.dbnl.org)

Eksimplaren binne te bestellen op

[www.dbnl.org](http://www.dbnl.org)

[www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl)

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

of by de boekhannel

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in automatisearre  
gegevensbestân en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm  
of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Tresoar,  
DBNL, Utjouwerij Elikser B.V. of de rjochthawwers.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other  
means, without written permission from the publisher.

# I

## PORTRET FAN IN GREIDBOER

Wa't Haitze Karstes Holwerda, de boer fan Baerda-Hûs, it ien of oar te skriuwen hie, hâlde him almeast oan it gewoane adres:

H. K. Holwerda,

Landbouwer

Blessum.

Sa sette er it sels ek mei syn wisse, skerpe letters op 'e brieven dy't er ferstjoerde. Dat 'landbouwer' hie it fansels ek sûnder kinnen, it skaaide hast wat nei de bou, mar 'boer' dat foel sa goed net en 'veehouder' wie elke komelker langer. Dat Holwerda liet dat dan sa mar: landbouwer, Blessum. Mar woe men ynpleats Boksum sette, of Deinum, dan kaam it krekt like goed oer en gjin dei letter. Want Baerda-Hûs stiet sawat op 'e romte, likernôch yn 'e midden tusken de trije doarpen, hoewol neffens it kadaster ûnder Blessum. Dat de Holwerda's wiene om sa te sizzen yn alle trije thús en hiene oeral har komst wol; it measte dan noch yn Boksum en Deinum.

Yn Blessum hie de boer in pear wenten en de arbeider wenne der ek, dat sadwaande moast er dêr út-en-troch ris hinne, mar oars wie der ek neat te ferstriken: der is neat te krijen dat makket en der wennet gjin smid noch weinmakker; net ienris in timmerman! Dat yn 'e wike hie Holwerda der net faak boadskip en sneins fansels alhiel net. De Grut-tsjerke is dêr modern, lyk as oeral yn dizze kontreien en oars is der ek neat; yn Deinum stie dan alteast it lokaal noch, dêr't de otterdoksen preekje litte — ien kear sneins! — mar de Lytse Tsjerke is yn Boksum.

Dêr reizgen de Holwerda's alle sneinen twaris hinne, it smelle

klinkertpaad lâns dat troch de greiden wynt en oer de smelle houten, de boer foarop en de boerinne achter him oan, it breedgouden earizer op, it tsjerkeboek mei sulveren heakken yn 'e hân en altyd op in distânsje fan trije, fjouwer trêden. It prate net maklik sa, mar de boer mocht ek net oer sa'n geëamel krekt foar tsjerketiid; it strekt net en it is net stichtlik. Men koe yn 'e wike genôch beprate, hoewol ek gewoane dagen gie Haitze Karstes him net te bûten fan dat oangeande: hy wie op-en-út in Holwerda, stûf en tige ynbannich. Dat de boer mocht ris oer it skouder sizze: 'Tink'r om Minke, traapje dêr net yn!' of: 'Moast oppasse, de planke is glêd' of sôkssawat en de boerinne moast no en dan ris warskôgje: 'Jo moatte net hurder, Haitze!' mar oars diene se der it swijen ta.

It foel frou Holwerda net ienris tige swier mear: as men in stikhinne fjirtich jier trouw west hat, rekket it praat njonkenlytsen op en bûtendat, der wie altyd wol wat te sjen oer it fjild of faaks in wurdmannich op te heinen fan oare tsjerkereizgers, Blessumers en dus útsoarte wat ropperich. Lytse Tiede bygelyks hie altyd wol it iene of oare ferhaal oer it wurk of it gewaaks, oer in bist dat omtrint fersûpt wie, en by need oer in sterk stik út 'e krante. En men koe him op in ôfstân fan fjouwer ekers neikomme.

De boer hie alle kearen wer-oan argewaasje fan dat gebalt, mar hy moast him skikke: begûn er stadiger te rinnen dan mienden se fansels dat it tige ier wie en bleauwen se dochs achter, en as er hurder út-ein sette koe de boerinne net meikomme. Dat dat no altyd sa moast, sa'n gerop en geraas op snein; it benaam jin de segen suver.

Mar sa mocht men ek wer net! Soks hinget net oan minsken, dat wist Haitze Holwerda te goed. Want hy mocht dan syn lekken en brekken hawwe, de boer fan Baerda-Hûs — waminske hie dy nammers net? — mar de dingen fan 'e Tsjerke en de sûne Grifformearde leare wiene him ynmoed.

Lyk as syn heit destiids wie er âlderling; in foaroanman yn dizze

gemeente fan arbeiders en lytse boargers. ‘Niet vele rijken, niet vele edelen . . .’ dat mocht er graach ris te pas bringe as it sa útkaam. Mei krekt genôch klam dan op ‘vele’. Want der binne dochs altyd wol in pear sokke by en dy moatte dan har plicht witte en lieding jaan. En Haitze Karstes wie gjin man om foar syn plicht wei te winen. Hy hie sa goed as in fêste sit yn ’e tsjerkerie; dat wie tradysje wurden, ôfgean op ’e tiid waard net ienris mear oer praat. Der waard wol ris fan sein dat soks net alhiel yn oarder wie, hy wist net hoefier’t dat krekt rûn, mar it is in goede regel, dat wa’t it measte jaan moat ek it measte te sizzen hawwe moat en it woe him min oan, dat dat allinne hâldt foar de gemeenterie.

En hja wisten him te finen as der wat dien wurde moast. Dat wie ek neat, hy koe it no ienris it bêste dwaan, mar men hie altyd goods dy’t der mar leafst wat rij yn lâns woene. Sokke tiden dan wie it wat wurdich, dat men der by wie en sels sizzen mei hie. Der hie bygelyks praat fan west dat it traktemint fan dûmny omheech moast: hy wie der fûl op tsjin en doe wie it oerbettere. De tiden wiene gâns better as it west hie, dat wie sa, mar dûmny-en-har wiene minsken op jierren en sûnder bern, dat hja koene der skoan komme.

Nimmen moast dêrom miene dat er wat op dûmny tsjin hie; yn it minst net. De âld-man wie him bêst, hy soe nimmen in strie dwars lizze en syn preken wiene goed: âlderwetsk en dat yn ’e goede sin fan it wurd. Holwerda, as er it foar it sizzen hie, hâlde meast fan in drege, goed trochwurke preek en in koarte tekst, dêr’t alles ek úthelle wurde koe dat der yn siet. Hy stie it nea net rjocht as in dûmny in hiel ferhaal bepreke of hast in hiel haadstik: dan moast er der wol licht oer hinne gean.

Lyk as lêstendeis de nije dûmny fan Hilaard, dy hie ta tekst it foarste stik fan Hoséa I en it hiele tredde haadstik der by. Soks wie him te stûf en net allinne om ’e langte! Fansels it is likegoed Gods Wurd en der soe wis in learing yn lizze, mar der wiene op it lêst genôch oare teksten. En dan foar in âld feint dy’t mei in

húshâldster wenne: men woe hawwe sa'n man soe him wat mear yn acht nimme.

Nee, dan hâlde hy it mei har eigen, al gie dêr sa'n rop net fan en al hie dy gâns minder beweging op 'e stoel. Dy preek langlêsten oer Psalm 103: 2a, dat wie in dreech stik wurk by him!

Loof den Heere, mijne ziel —

Loof den Heere, mijne ziel —

Loof den Heere, mijne ziel —

Dat wiene de trije punten; soks hie men wat oan, dat bleau jin dagen by. En lykwols wiene der altyd minsken dy't de eigen dûmny net yn tel hiene en mei frjemd fier weirûnen . . .

Haitze Holwerda wie net fan dat slach. Alle sneinen weroan yn 'e âlderlinge-bank achter de grutte Bibel koe er mei ynmoed harkje; it foldie net altiten like goed, mar dat mocht men net begearre en hoe faak siet it net oan jinsels? En wêrom, as it ris wat minder wie, soe men jins fatsoen net hâlde en besykje te harkjen? Dat de hiele preek, om sa te sizzen, hie er gjin each fan dûmny ôf. Allinne ûnder it sjongen mocht er de gemeente graach ris oersjen; hy wie no ienris gjin grut sjonger en men stie nammers net om 'e nocht yn it opsjennersamt. En sokke tiden wie der net folle dat him ûntkaam: it tsjerkje wie mar lyts en hy wist wêr't elk sawat siet.

Dat elk dy't te faak de tsjerke fersomme of op oare wize it spoar bjuster wie, dy koe der mar fêst op oan, dat Holwerda him de iene of oare kear geweken naam. Der foelen net folle wurden sokke tiden, mar wat der sein waard, dat kaam oan it gefoel.

Dêr soe in man as Hindrik winkelman fan meiprate kinne. Dy hie destiids in jiermannich diaken west, en salang as Holwerda him dêr foar eagen hân hie, hie er elke kear in skoft sliept. It wie net te leauwen, mar sadree't de preek begûn sette er him der nei en as it oargel ynsette, en net earder, waard er kel wekker. Hy hie der al net foar west om him op tal, mar dêr wie doe gjin praten tsjin. Mar syn tiid wie dan om en fuort de earste wyks dat er wer boppe sitten hie, hâlde er de boer op buorren oan



mei klachten oer it jongfolk, dat dy sa oangyngen op 'e kreaake en oft de tsjerkerie dêr no wier neat oan dwaan koe? Holwerda stie ferbûke. Net dat er dy jonges skjinprate woe, yn it minst net, mar moast sa'n ien dêr no mei oankomme?

'It is ek sa,' sei er by de noas lâns, 'jo sliepe no wer boppe!' Dy hie nea syn mûle wer iependien oer in oar. Mei soks wiene se by Haitze Holwerda net oan it goede kantoar!

Net, fansels, dat er himsels better achte as in oar, uterstee net. Hy wie sûn yn 'e leare en besocht dêr ek neffens te libjen, mar ek soks hat men net fan jinsels. Sok ûnnoazel praat dat de minske goed is en út eigen krêft it goede dwaan kin, sok praat moast de boer neat fan hawwe. Men wist oan jinsels wol better! 'Onbekwaam tot enig goed en geneigd tot alle kwaad', sa stie it der foar mei de minske. It wie allegearre genede, men hie neat fan jinsels, dat leaude er mei hiel syn hert. Hy, Haitze Karstes Holwerda, grut boer en âlderling, in foarbyld foar de gemeente en in pylder fan 'e tsjerke, wat wie er foar God oars as in earm sûnder? It wie goed dat it jin altyd wer foarhâlden waard; it hert fan 'e minske is 'arglistig', lyk as de Skrift seit. En it foel nammers neat ta en wês foar God lyts-man as men wat betsjutte by de minsken! Want dat wie no ienkear sa: der waard mei Haitze Holwerda rekkene en net allinne yn 'e dingen fan tsjerke en skoalle en net ienris allinne yn Boksum.

Want de hege foarein fan Baerda-Hûs mei nei Boksum oer sjen, de grutte blau-mei-wite mendoarren slagge nei Deinum ta iepen. Dêr stiet it bûterfabryk en Haitze Karstes hie de lêste jierren in sit mei yn it bestjoer. Hy hie der te'n earsten noch al wat tsjin oanhongen, hy wie uteraard behâldend — en yn mannich ding gie dat der ek noch mei! — mar yn it bedriuw moast men mei de tiid meigean, oars rekke men achterop. Dat de âld tsjernmole hie al gâns in set bûten wurken west en wie no langlêsten sloopt en de grutfeint jage no ynpleats de molke nei it fabryk, de sintelreed út en de bochtsjende Deinumerdyk del.

En alle freden al weroan, de middeis fan 'e kertier foar twaën

trein kaam de boer itselde paad lâns, altyd yn syn koarte flugge stap, eptich yn it swart en mei it molkjild yn 'e ljochtlearene pong dat noch in erfstik wie fan heites. Der wiene net folle boeren dy't mear molke oanfierden, noch dy't der mear foar makken.

En it buorke dôch goed, de lêste jierren: der wie wer aardichheid oan. Hy hie it ek oars kennen! Dy hiele rige fan minne jierren, foar en nei njoggentich, hie er mei trochmakke en mear as ien fan syn maten wie der by fan 'e pleats rekke. Sa slim hie it mei him nea like; hy hie in eigen pleats en meast eigen lân en genôch achter de hân om troch te setten. Mar dêrom wie it noch net fergetten!

Mar dy tiid wie dan no oer en sa't it him oansjen liet ek foar goed. Der wie sa folle feroare yn 'e wrâld en mei dy fabriken en 'e hannel op it bûtenlân . . . Der soe fansels wol ris wer in minder goed jier komme, mar sa'n rige minne jierren, sa'n slimmen delklap, dat leaude er dochs net! Men krige op 'e nij wer nocht oan it buorkjen. Dat er dizze opgong noch belibje mocht en dan noch sa sûn en geef: yn syn ien-en-sechstichst fiede er him wer yn syn twadde jeugd.

Dat elke freed, as er it miel behimmele hie dat de boerinne foar him hâlden hie, koe er tefreden nei de opkeamer stekke en rekkenje alles útinoar. De doar hie er der trochstrings by op it slot; sokke tiden woe er net steurd wurde; sels de boerinne mijde sa lang de foarste gong, dat hy koe der de tiid ta nimme. It wie nammers ek in ernstich wurk en hy woe alles yn oarder hawwe: sulver by sulver, papier by papier, it lean fan it folk apart en de pong op it boppest buordsje. Suver in lytse seremoanje wie it alle kearen weroan, in soarte fan hillige ritus yn dy âlde boereopkeamer en net earder as de kastdoar yn it slot foel en de kaaien te-plak wiene, kaam syn gesicht út 'e ploai.

Dan trape er bedaard wei nei de koken en nei it theedrinken koe it swart pak út en de blau-kile wer oan. De pong koe in wike rêste. In kromke wyt-jild hie er altyd wol yn it festje fan 'e ferklaaiersklean en sneins nei tsjerke brûkte er in nij-moadrich

beurske. Sa wie dat yn it libben: wurk en rêst, dei en snein, wykmerk en tsjerke, de wide ponge en de platte knip, alles hie syn tiid en oarder. Haitze Karstes Holwerda wie net om 'e nocht tûk yn it boerebedriuw en sûn yn 'e leare: hy wist útelkoar te hâlden wat lykwols net skaat wurde mei: de natuer en de genede. Der siet faaks symbolyk yn: dy grutte, hast wat ûnbidige pong yn 'e wike en dat behindich beurske sneins. Hoewol, as men sa woe wêr wie de ein dan? Dan wie it faaks net iens mear tafallich dat Baerda-Hûs mei dyk en reed oan Deinum — it fabryk — en mei in smel binnepaad oan Boksum — de tsjerke — bûn is. 'De brede en de smelle wei' lyk as de grutfteint ris sein hie, mar Sytse wie in Wâldman en in earsten hûnder.

Net dat er it oars sa slim miende: hy gie trou mei nei tsjerke. Oars soe de boer him nammers net wûn ha. As it der sûnder koe hie Holwerda leaver gjin modern folk yn 'e hûs; net dat dy minder wiene yn it wurk, mar om 'e tafel wie it nea sa frij net. En oar it ginneraal hâlde it folk it goed út by him. De boer mocht dan stûf fan aard wêze en yn 'e omgong net botte oan-nimlik, mar hy joech in goed lean — net mear as de tiid sei, fansels — en de kost wie tige. Dêrfoaroer koe er dan goed wurk fergje en moasten se der oer kinne dat er har neigie. Dat wie syn plicht as boer en dy't dat net ha koe moast in oar hinnekommen sykje.

Men hie der no ienris nuver folk tusken. Hy hie bygelyks swarte Sake ris in setsje yn it wurk hân, in grouwe sterke keardel, mar in luie rekel. Dêr koe men om sa te sizzen gjin each ôf hawwe of it gie ferkeard, dat dy hie er ridlik gau fuortstjoerd. En brocht dy keardel doe gjin praatsjes op 'e lap dat hy, Holwerda, altyd mei de fierrekiker op it hiem stie te loeren nei it folk op it lân! Kwealaster wie it, oars neat. Hy hie al sa'n ding, op in boelguod wie er der destiids om skik oan slagge en it wie tige noflik om op 'e toer te sjen: op 'e romte woe it slaan jin wol ris ûntkomme. Fansels hie er dan ek it fjild wol ris in kear oer-eage — hy soe ek wolris witte wolle wa't him dat ferbiede soe! — it koe in loop

útsparje as men it oars bannich hie, mar wat dy fint der fan makke, dat roaide nearne net nei. Net dat er him der wat fan oantrieb. 'Doch dyn plicht en lit de lju rabje', dat sprekwurd soe in Holwerda útfûn ha as it der net lang al west hie.

Want salang as men neigean koe hiene der op Baerda-Hûs Holwerda's buorke: drege boeren allegearre, mei jimmer deselde wikseling fan nammen: Haitze Karstes en Karst Haitzes en mei altyd deselde rop fan ynbannigens en kloekens. En dizze Haitze Karstes, hoewol de lêste fan it âlde skaai, wie beleaven de minste net: in tûke boer en ien dy't fierder seach as it boerehiem.

It wie wol begrutlik dat er nea gjin bern hân hie en dat der gjin soan wie om de pleats oer te nimmen en namme en tradysje fan it Holwerda's slachte fierder te dragen. De boer hie der te'n earsten ek lêst genôch fan hân: dêr soe frou Holwerda nuvere eksimpels fan bybringe kinne, want hy hie alhiel it Holwerda's aard: stil en stúmsk, mei buien fan opsternatens. En it wie nammers in swier stik: sa'n pleats, sok lân, in bêst beslach fee en dan gjin soan . . . Mar men moast der jin ûnder deljaan, it wiene op it lêst gjin minsken dy't it jin oandiene! Al bleau it dan ek ûnbegryplik: de boerinne wie destiids sa'n kant en feardich frommes en ien fan in keppel fan alve!

Mar al hie de boer fan Baerda-Hûs dan gjin soan dy't er it bedriuw oerdwaan koe, dêrom hoegde de pleats noch net útelkoar. It koe dan alteast yn 'e frou's famylje bliuwe. Dat Holwerda hie der net minder syn bêst om dien, yn it earst fan syn buorkjen net en yn it lêstoan likemin. It soe nammers sûnde west ha; men wie op dit plak set, men hie in ropping nei te kommen, dan men moast der fan meitsje wat der fan te meitsjen wie.

En dat wie Haitze Karstes tabetroud!

## II

### YNTOCHT FAN 'E UNGETIDERS

#### 1

Dy simmers sette de ûngetiid yn mei it moaiste waar dat men mar begeare koe, in klare loft, in bolle wyn út it súd-easten en net oerdiedich waarm. Haitze Holwerda hie der syn niget oan, doe't er dy moandei-te-moarns nei brea-iten bûten stie by de wiid-iepen skuordoarren. Der koe wat dien wurde sa'n lange dei! En ûngeduldich seach er de skymrige skuorre yn, dêr't it folk yn it ark omskaaide; it duorre wer wat ear't elk in stik nei it sin útsocht hie. It wie al singelier dat men der altyd sels by wêze moast, oars skeat it mar net op. Hy brimde in pear kear lûd. Dat hearden se dan dochs, sa't it like: trijerisom, de harke ûnder de earm, kamen se de skuorreed del, de feint en de arbeider elk oan in kant en yn 'e midden de lytsfeint Geale. Trije man, tocht Holwerda, as men de jonge meirekkene, mar as strak-aansens de ûngetiders kamen en hy gie sels mei, dan stiene se der mei har sânen foar. 'Oanmeitsje mannen,' sei er koart, 'jim kinne in fikse haal dwaan foar't wy komme.'

Mei in linige slach smieten se de harke op it skouder en setten de stap der yn. Op 'e reed, lyk as waard it har ynjûn, seagen se alle trije om. De boer stie op itselde plak tusken de mendoarren, gjin each fan har ôf, net oars as woe er har fuort sjen. Hy wie net grut; de Holwerda's wiene allegearre behindich en dizze lêste fan it âlde laach bleau ûnder de mulmiette, mar sa't er dêr stie, rjocht-op-en-del foar de hege skuorre, like er grutter as gewoanwei.

Hy seach de manlju de reed út nei oan't hja wei waarden achter de huzen oan 'e dyk. De five wie nedich keard, it hie suver hast in dei earder kinnen at it gjin snein west hie. As dy Bilkerts no

aanstûns mar yntiids kamen; it wie wol beskreaun fan net let, mar it hie better west as er in tiid steld hie. Men begearde net, sa'n earste dei, dat hja har fuort om fjouwer oere ôfjoegen, mar letter as uterlik healwei njoggenen ferwachte er har net. Hy hie nea dy kant sa fier út west, mar folle mear as trije oeren rinnen koe it net wêze en op it moaist reizgen sa mei de tram oan Marsum ta. Alles wie langer mooglik mei dat arbeidersfolk en op It Bildt dochs. Wat dat wurde moast dêr mei dat sosialisme en sa, hy wist it net. Dat soks yn 'e stêden oanwûn, dêr koe men ynkomme, mar op it boerelân . . .

En dan wiene de leanen al sa'n ein omheech. Noch gjin lange jierren lyn hie er in bêste ûngetider foar seis gûne mei de kost en dit kear hie er de man njoggen tasein. It moast op it lêst ek ienkear ophâlde! Wat joech it dat de prizen gâns omheech gien wiene, as by einbeslút it folk der mei fuort gie? En wylst er yn 'e skuorre en it bûthús noch it ien en oar besteutere ear't de Bilkerts der wêze koene, betwivele Haitze Holwerda oft er der wol goed oan dien hie en win ta de ûngetiid — nammers al sa'n grut en wichtich aventoer — dy trije frjemde maten, dy't er net koe en dêr't er no fiif wiken op syn minst oan fêst siet. En it wie net de earste kear dat er fan datoangeande syn moed net rjocht hie.

Hy wie der ek suver wat frjemd oanslagge. No al jierren oanien hie er Grinslanners yn 'e ûngetiid hân, mar dit jier wie der wat tusken kommen dat hja net koene, alhiel bûten har skuld en hja hiene yntiids berjocht dien. En krekt yn dyselde snuorje mette er Jabik Myntsjes de freedts yn 'e stêd. Dat wie noch sa'n bytsje út 'e famylje, Jabik Koaistra, hoewol net dat makke en dan noch fan 'e frou's kant. Dat hja hâlden sa goed as neat gjin gemienskip mei elkoar, allinne freedts trof er him gauris en dan praten se meastal in setsje en nei de ûngetiid krige Jabik wolris in pear weiden hea oer, de lêste jierren. Dat ferrekkenen se dan letter, mar Holwerda moast der sels om tinke! It moast ek tige behindich spul wêze mei Jabik dêr yn St. Anne, sa folle hie er wol

heard.

Dy freeds hiene se elkoar dan wer troffen yn in herberch, krekt doe't de boer der efkes ynrûn wie om in kop kofje. It petear kaam fansels al ridlik gau op 'e haaiïng. Jabik hie kunde oan in pear fikse ûngetiders, Kuken hjitten se, broers en beide fan St. Anne; dy hiene him al ris oan west om in gaadlik plak, leafst net al te fier út 'e reek, dat hja sneins nei hûs koene. Dat as Haitze wat wist by Deinum om? Nee — fansels net! Elk hie meast deselden al wer fan oare jierren. Wis, dat begriep er wol. Dit wiene oars in pear bazen, mei alle wurk bekend en tige thús mei hynders. En ûnferhoeds, wylst er de sigarereek dy't yn wolken tusken har stie mei de hân fuortwyndere, frege er: 'En do bist sels ek al klear tink?' It 'nee, noch net' ûntfoel Holwerda ear't er der rjocht erch yn hie; bûtendat wie it tsjin syn prinsipes om soks te ligen. 'Nee,' sei er der oer hinne, 'de Grinslanners hawwe ôfskreaun, mar ik moat trije ha en ik meitsje alhiel gjin haast.' Mar Jabik rekke fuortynienen yn it fjoer. 'Mar dan is dat ommers krekt wat foar dy, Haitze: dy twa dy't ik al sei en in trêde man der by; dat is yn it minst gjin beswier, dat fyn ik wol!' En hy foel yn in lang ferhaal oer de deugden fan 'e bruorren Kuken. Holwerda harke mar heal, Bilkerts wie alhiel syn doel net en Jabik syn riddenaasjes stie er nea net rjocht: de man wie him te redenryk. En lykwols koe er foar in diel gelyk ha, der wie wat foar te sizzen dat hja sneons nei hûs woene en sneinte jûns wer komme; dan wie men alteast de sneinen mei eigen. Mar Bilkerts . . .

'Ik wit net,' sei er twivelich, 'ik wit net, it is in nuvere hoeke . . . ik wol gjin ferkeard folk ha . . . gjin bretaal . . . gjin . . . do begrypst my wol, der sit gâns read folk dy kant út.' Jabik sloech himsels mei de grutte hannen op 'e knibbels en lake lûd.

'Ha-ha-ha, de Kukens read! Man, der binne gjin deegliker, fatsoenliker arbeiders yn hiele St. Anne as dy twa; de earsten dy't maaitiids oan 'e slach komme en de lêsten dy't dien krije hjerst-mis en dan sa'n hiele winter by de boeren lâns te snoeien! En

fatsoenlik, der sil har gjin ûnfoech wurd ûntkomme! — Wat sis ik,' foel er himsels yn 'e reden, 'hja geane nei tsjerke man, twaris sneins, likegoed as do en ik. De Kukens dêr falt net sa folle op te sizzen!'

Holwerda knikte. 'Soa al, ja dêr is it fansels net minder om.' 'Is't sa net?' foel Jabik dêr fuort oer hinne. 'En ik wol mar sizze, it moat betroud wêze, dat begrypsto ek wol Haitze oars soe ik se net oanrikkemedearje. Dat seit doch genôch, dat ik der foar ynstean doar.'

Holwerda sei neat. In fyn glimke luts om syn smelle mûle: elk wist dat Jabik in nuvere swankebast wie, oars soe er nammers net op in earmoedich spultsje earne op It Bildt te lânne kommen wêze; yn syn jonge jierren hie er in pleats hân de Weidumer kanten út. Dat naam net wei, dêrom koene dy manlju wol goed wêze. It hie al wat foar en op sa'n menear rekke er maklik klear. 'En lyk as ik sei,' ferfette Jabik, 'tsjerkelju. Mar om op dy trêde man te kommen, moat dy ek perfoarst . . .? Dat koe fansels wol, hy krige it wol klear, mar de kar waard sadwaande al lytser . . . Soa nee. Hoegde dat net. Haitze hie gelyk, it wie mar foar in wike-mannich en as it wurk op it lêst mar goed wie.'

En mei in fûle mep fan syn hurde knokkels op it taffeltsje rôp er nei de taap om in romerfol. 'Do ek Haitze?' Holwerda, dy't in wink begripe koe as it sa dúdlik wie en it kaam net ûngelegen, knikte. 'Wis, ik hâld dy frij.' Jabik stiek twa fingers omheech. 'Ei no, ast it dan beslist sa ha wolst.'

Doe rekken se te praat oer de betingsten. Fiif wike, dat wie Haitze syn taks dus en njoggende-heal gûne. Dat skeelde de hiele wrâld net, dat koe er sa wol oerbringe, hoewol as er syn sin sei soe it wol fol-út njoggen wurde moatte. Dat wie de roai sawat fan 't jier en de Kukens ferstiene it wurk. Dat wie net sa mar in praatsje, dat wie sa. Eerste klas ûngetiders . . . Moai, dus dan tocht Haitze ek dat it dêr op ta gean moast. Dan wie dat foar sa fier ôfpraat. Hy soe der wurk fan meitsje. En dy trije weiden hea — dat soe Haitze faaks wer skikke kinne dit jier? — koene se



dan de lêste wyks moai meinimme, dan wie dat ek oplost. De oare freedts wie it sa goed as beklonken: fiif wike fêst en njoggen gûne en der wie in trêde man, Ytsen Tulner, neat minder yn it wurk as de Kukens en in jiermannich jonger. Hja hiene it om sa te sizzen oannommen en de betingsten wiene se mei op 'e hichte. Dat as Haitze faaks in letterke skriuwe woe, nee, nearne net om, mar foar him as tuskenpersoan wie dat wat frijer . . . En út syn boekje socht er in snústrich kladsje en skreau dêr it adres op: H. Kuiken, Noord-Einde, St. Annaparochie. Dat wie de âldste fan 'e broers; sa kaam it wol oer. Hy hope dan mar dat it goed foldwaan soe, fan beide kanten . . .

2

Haitze Holwerda, doe't er dy moarns út it bûthús wei wer nei bûten trape — hy koe neat mear betinke dat d'fen wurde moast — hope it net minder. Hy knipte de nikkelen heloazje-kast iepen: oer healwei njoggenen wie it al. Ferheard seach er om him hinne; der wie neat te sjen, op it hiem net, mar dat hie er ek hast net ferwachte, mar likemin op 'e reed, noch op 'e dyk safier't er sjen koe. Hja wiene net ier. Hy hie it better beskriuwe moatten, mar wa sinde altyd oeral op en Jabik hie it sizze sille. Dat men sa min op 'e minsken oan koe! Mismoedich gie er jitris binnendoar en die op 'e nij de rûnte. Alles wie ree, fan it ark yn 'e hynstestâl oant de slieperij op 'e boppeste stâlen yn it bûthús. Hy moast himsels ferhâlde om net ynienen wer nei bûten; it hie gjin sin, der wie niiskrektsa yn gjin fjilden noch wegen wat te sjen.

By njoggenen wie it doe't er wer nei bûten stiek, it bûthús lâns en de skuorre troch; mei opsetsin rûn er stadich. No moasten se der wêze, it lei him fêst by, op 'e reed yn alle gefallen, mooglik al op it hiem. Sûnder erch sette er hurder ta; mei ien eachopslach seach er dat er him wer fersind hie; it hiem lei like ferlitten

as niiskrektsa en op 'e reed noch op 'e dyk roerde wat. De boer stie in telmannich ferslein; doe koe er wer tinke. No wie alles fierder mooglik; hja wiene by steat en bliuw stil wei. Der sloech in klok. Boksum, mar dat gie altyd yn it wyld, it koe krekt like goed tsien minuten wêze. Hy hie de moed net en sjoch wer op it heloazje.

Oan alle kanten, safier't men sjen koe waard der skrept yn it hea; yn 'e fierte, de Hilaarder kant oer, wiene guods oan it opperjen. It baarnde him yn. No yn it haailân te stean, no oan 'e slach te gean, sûnder kopsoarch, in licht en hânsum stik ark yn 'e hannen! Dat hie in arbeider, dy die syn wurk en as de wike om wie hâlde er de hân op en barde syn lean en fierder gjin omtinken noch neat. Hy stie in lang skoft stil mei de eagen op 'e dyk. Wûndere stil wie it hjir om him hinne, allinne de bargaen gnoarren yn it hok by de jister en earne yn 'e loft hong in ljurk te sjongen. Dat soks him no krekt oer komme moast, de earste deis fan 'e ûngetiid!

De stilte begûn him suver oan te gean en yn in ferlet om oanspraak te hawwen en syn ûngerêstens fuort te praten, gyng er nei foaren. Wylst er by de skuorside lâns rûn, de hân oan 'e muorre, hie er de eagen net fan 'e dyk ôf. Op it gefoel fûn er de klink en fierde de syddoar iepen. Noch neat! Dat dat folk him sa te fiter hie. Mar hy liet it der net by sitte!

Yn 'e keuken foel er op in stoel by de tafel del. 'Ik wit net wat ik hjirfan tinke moat!' De boerinne, dy't yn 'e kast mei itersark rattele, hearde it net. Wat die er hjir, as er dochs net achtslein waard? En yn in opstiging fan woede stie er al wer en rûn nei it finster.

'It is al ûngelokkich, dat men oan sok folk oerlevere is! Dy . . .'

Hy mompele in ûnfoech wurd. De boerinne, de holle read en opset fan it skreppen, bleau healwei de kast en de tafel stean. 'Giet dat goed, Haitze?' Dus dat hearde se wol! 'Jo binne alhiel orémis, jo moatte tiid dwaan.' Ferachtlik seach er by har lâns. 'Tiid dwaan,' smeulde er, 'tiid dwaan yn 'e ûngetiid! Wat

praatste fan tiid dwaan. Se litte ús sitte.' Hja sei neat werom, sokke tiden woe de boer gjin reden ferstean. En yn in oanstriid om har op it sear te kommen ferfette er: 'Ik stie dy Jabik Myn-tsjes altyd al net. In swetser is it, in grutte beskiter. En dat is dan dyn famylje . . .'

De boerinne, mei in ûnbidige panne foar it liif, rûn sûnder in wurd de doar út; hja wie lilck, of faaks hie se it iene of oare yn 'e hutte te dwaan, hy wist it net. Ik koe him ek neat skele. Froulju, dat die altyd wer bliken, wiene muoilike fertreasters. Hy loek mei de foet in stoel oan en gie skean by it finster sitten. Achter him fertikke de âld klok de minuten; foar him, bûten, bloeide de simmer. It wurk . . . it wurk! It wie al oer healwei tsienen.

En sa mar ynienen, krekt by Makkinga's stjelp seach er wat rinnen. In skym en doe wie it achter de muorre. Koene se dat wêze? Wat duorre it wat, ear't hja dêr achter wei . . . En tagelyk seach er it . . . Petrus postrinder! As dy mar gjin ôfskriuwer brocht, gie it him troch de holle. Hoe krige er no noch oaren? Wêr moast men folk besette en it koe der gjin dei sûnder. Hy bleau stil sitten; de eagen stieken him, mar hy sloech it gjin acht. No wie er oan 'e hikke ta, ja, hy draaide dit op . . . hy hie it wol tocht . . . nee, dochs net, hy rûn foarby. Mei in djippe sucht riisde er oerein. It swit stie him op 'e foarholle. Gjinn ôfskriuwer dus, mar wat joech it as hja lykwols weibleanwen!

Hy trape op 'e kast ta en socht de fierrekiker. Dêr koe er alteast mei op 'e Grutdyk sjen: as er har dêr no net sjen koe, kamen se net mear. En as er har àl seach, hâlde it op syn minst noch in kertier oan dat hja der wêze koene.

Bûten loek er de kiker út en stelde him sa skerp mooglik. Op 'e Deinumer toer wie it by tsienen. Doe, de swiere kiker trille frjemd yn syn hannen, taaste er de dyk ôf tusken de huzen en pleatsen. Oan Marsum ta wie der neat te bekenen. Hy biet op 'e toskan. Sok gemien reau!

Der sloegen klokken, Blessum en Deinum, tagelyk en fuort dêr-

nei Hilaard. It klonk fierôf en lykwols klear troch de stille moarn. Hy seach om him hinne om better plak, dêr't er heger stean en fierder sjen koe. It jisterstek — mar dêr betrouwde er him net op en hy moast beide hannen frij ha. Dy kiker wie in ûnhânsum ding, mar hy fergrutte omraak. De rûchskerne! Nei in lange winter wie dat gâns in hichte. Mei muoite slagge er der op. Alhiel op 'e ein bleau er stean en dikere nochris troch it glês. De hannen waarden him suver wurch. Tichtbije huzen sprongen op him ta, hikken, bisten; oan'e oare kant de sleat wiene de blommen ûnnatuerlik grut; in skries trippe op hege poaten foar it glês lâns.

Mei in swaai fan syn earmen naam er de five yn it fizier. Dêr hie er Geale der foar en de grutfeint Sytse. Dat wie better folk as dat naasje fan It Bildt. De arbeider . . . frjemd . . . mar wêr wie Tsjerk; hy moast op 'e selde ein wêze. En dêrmei krige er him op it each, sa't er opriisde út 'e wâl; der wie in skyn fan wyt en in tippe fan in read himd. Holwerda skode de kiker yn elkoar. It like dan al ferfûlde mâl dat soks altyd yn 'e boer syn tiid moast!

Hy bleau op 'e rûchskerne stean en eage it fjild oer. Sok kostlik simmerwaar wie it en hjir ferdie er syn tiid mei wachtsjen. Hy koe hjir ek net langer stean, hy moast nedich nei it folk ta en dan fan 'e middei as hja der dan net wiene, moast er oars omsjen. As ien fan 'e oare boeren him gerive woe . . .

En op datselde stuit hearde er stimmen, achter him, earne yn 'e jister. Hy koe neat sjen: mar der wiene guods achter it bargehok. It hert sloech him. Soene se . . . Doe seach er se kommen, trije-risom, kreas ferklaaid, de blau-pûde oer it skouder. Dus dêr wiene se dochs! Op 'e lêste oere en de ferkearde kant út wei. Hoe krigen se it yn 'e plasse en kom oer Boksum, hast in heal-oere om? Mar hja wiene der: better let as net. De fûle spanning fan it wachtsjen en syn slimste lilkens glieden fan him ôf. Ien fan 'e mannen wiisde nei him, hja laken. En ynienen skeat it him yn it sin hoe't er hjir stie, libbensgrut op 'e rûchskerne, dat heechste